

Varende brug als podium voor reizend theaterspektakel in de Zuidwesthoek

Met een brug als varend podium trekt theaterspektakel *In brêge slaan/Een brug slaan* tijdens LF2018 door de Zuidwesthoek. De missie: letterlijk verbinden. De glansrol: die is voor lokaal talent.

LF2018

► Diane Romashuk

Muziekkorpsen, koren, dansers of acteurs; wat de lokale gemeenschap aan podiumtalent in huis heeft, wordt getoond tijdens *In brêge slaan*. Onder die noemer brengt theatergroep Sult samen met kleine culturele verenigingen volgend jaar elf voorstellingen in elf plaatsen.

Het theaterspektakel in juni en juli van 2018 is ook een ode aan het water waarop dat plaatsvindt. „De alve plakken dy't meidogge hawwe ien ding mienskiplik en dat is it wetter, elkenien is berikber fia it wetter. Yn it ferline wie der op tiisdei wykmerk yn Snits en alle plakken dy't belutsen binne by dit projekt giene doe op sa'n dei nei Snits mei de boat. No sjoch, soks bart yn 2018 wer!”, vertelt Hille Faber voorzitter van de gelijknamige stichting achter het project.

Hoe kwamen jullie op het idee voor dit project?

„Sûnt in pear jier hawwe de lytse kulturele ferienigingen de lapen gearsmiten. Der is jierliks in pear kear oerlis en men hat in soad oan-inoar. Dat hat der ta laat dat men by KH2018 ek sjen litte woe hoe't der mei-inoar in protte realisearre wurde kin en dat it kulturele hert yn de lytsere plakken yn de Súdwesthoeke tige libben is.”

Wat kan het publiek van jullie verwachten in het Culturele Hoofdstadjaar?

„De plakken der't kulturele ynstellingen út meidogge binnen Starum/Warns, Koudum, Heech, Balk, Wâldsein, Aldegea/Blauhûs, Makkum, Boalsert, Warkum, Top en Twel, Snits. Wy bin fan doel 'in brêge te slaan' tusken dizze plakken en de ynwenners troch in alvetal foarstellingen del te setten op it wetter. Dizze kear wurkje wy fan de Iselmarkust ôf nei Snits ta. De produksje fan it stik is yn hannen fan Pieter Stellingwerf fan Buog en de spilers dy't it stik spylje sille komme út 'e rûnten fan Sult. It publyk kin de foarstellingen besjen fan de wâl ôf of yn lytsere boatsjes.”

Welke rol is er voor de 'mienskip'?

„De taredings binne al op gong kommen. Der is in tekstskriuwer, der is in skriuwer foar de lieten, der is in komponist en der is in regisseur. Dat it spul kin los! Mar it moaiste oan it projekt is dat der ek minsken meispylje sille út de dielnimmende plakken sels. Dat sil ynhâlde dat yn elk plak in oare foarstelling jûn wurdt. Der is in basisfoarstelling en yn de foarstelling sil in protte songen wurde, de man dy't de muzyk makket sil mei de dielnimmers út de ferskate plakken oefenje.

Benammen de jeugd krijt romte om syn talinten hearre en sjen te litten. Wy hoopje op in grutte ynbring fan ús jeugd want ús úteinlike doel is om hjir yn 'e Súdwesthoeke te kommen ta in stevich fûnemint



Deelnemers van LF2018-project *In brege slaan*. Met name de lokale jeugd krijgt de ruimte om talenten als drummen of turnen te laten zien in het theaterspektakel dat in de Zuidwesthoek gaat plaatsvinden. Foto: Niels de Vries

foar jongereintoaniel en dûns as kultuer.”

Wat is jullie grootste uitdaging?

„It falt net ta om it bedriuwslibben yn ús omjouwing mei te krijen mar wy sille alle war dwaan om harren ek mei te krijen. Bedriuwen sille en wurde al ynskeakele om saken dy't mei de foarstelling te meitsjen hawwe te leverjen; tink dêrby bygelyks oan de boaten dy't nedich binne, mar ek oan it materiaal dat nedich is foar it dekôr. Sa komt it ponton fan de firma De Boer & de Groot út Warkum/Harns.

Boppedat is der ferlet fan minsken dy't helpe mei de praktyske saken lykas it opbouwen fan it spylplak, of dy't parkearwachter wêze

wolle, kofjeskinkers ensafuorthinne. In oare útdaging is it publyk massaal oan it sjongen te krijen.”

Wat gaat juist heel goed?

„It is opfallend hoe't *In brêge slaan* libbet yn de dielnimmende plakken en hokker moaie plannen oft der makke wurde. Yn Warkum bygelyks wurdt de foarstelling set yn it ramt fan in jierlikse 'Welkom in Warkum' weekend, mar ek de middenstân lykas wettersportbedriuwen en horeka wolle hjir op ynspylje. Yn Boalsert itselde, dêr wurdt de gearwurking socht mei de Heamieladagen.”

Wat is jullie tip voor andere plannenmakers die naar LF2018 toe werken?

„Wy wolle oan oare minsken meijaan om rêstich oan it doel te begjinnen en je net gek meitsje te litten troch alderhande saken dy't der net ta dogge, by jinsels bliuwe is tige wichtich.”

Hoe zijn jullie te volgen?

„Wol men mear witte fan ús projekt sjoch dan op: www.eenbrug-slaan.nl.”

► Voor LF2018 zijn er ruim achthonderd mienshipsprojecten in de maak in Fryslân. Het Friesch Dagblad bevraagt deze zomer winnaars van een bonus van 2018 euro uit het Iepen Mienships-fûns over hun aanpak en project